

## Oertinking Eksodus – Micha

troch Jan Lautenbach

### Lêzingsen:

Eksodus, haadstik 20, de fersen 1 oant en mei 17.

Micha 6, de fersen 6 oant mei 8.

### Ynlieding

Ha jim der wol ris oer neitocht hoe dreech oft it is om mei oare minsken te praten?

Om wier in yngeand petear mei oare minsken te hawwen?

En dan haw ik it net oer in praatsje oer it waar of oare neatsizzende konversaasjes dêr't minsken har tiid faak mei ferdogge, mar oer saken dy't wier de muoite wurdich binne.

Yn myn oplieding en letter ek yn de polityk ha wy it bygelyks hân oer de swierrichheden fan it reklame meitsjen. Der waard ús útlein, dat wy dat yn it folgjende skema sette koenen:

- der is in stjoerder,
- dy ferstjoert in boadskip en
- der is in ûntfanger fan dat boadskip.

By it oerbringen fan dat boadskip kin fan alles mis gear. De stjoerder hat in boadskip en set dy oer yn bepaalde wurden of yn bylden, dêr't er fan hopet, dat de taharker of sjogger dy begrypt.

Ûnderweis nei de ûntfanger is der krekt lykas by in radio somtiden rûs op de line of yn de eter.

Of de ûntfanger heart mar heal of hielendal net.

En om't alle minsken oars binne en har eigen taal of dialekt sprekke en ek har eigen tinkbylden en opfettings op it boadskip loslitte, wurdt it boadskip wol ris oars begrepen as dat de stjoerder bedoeld hie.

In prachtich foarbyld fan dit ferskynsel krige ik ûnder militêre tsjinst. Wy moasten oefenje yn it oerbringen fan berjochten. De sersjant joech ien fan ús in simpele boadskip fan ien sin, dy't er nei 100 meter hurdrinnen, lústerjend oan de oar fertelle moast. Dy man moast ek wer 100 meter hurdrinne, it boadskip fertelle en sa gong it tsien kear op en del. De lêste man moast it boadskip lûdop oan de groep oerbringe en dêrnei lies de sersjant op, wat foar berjocht oft er oan de earste man meijûn hie.

It sil jim net ferwûnderje as ik sis, dat der neat mear fan it oarspronklike berjocht oer wie.

Dêrom is elk petear tusken minsken ek sa dreech, want datjinge wat sein, heard en begrepen wurdt, is faak hiel ferskillend. Is it jim wol ris opfallen, dat minsken somtiden kompleet by inoar lâns prate? It is gjin twapetear, mar it binne twa monologen fan minsken dy't totaal net nei inoar harkje.

Sa hiene wy ris myn beide beppes op besite foar in itentsje. Nei ôfrin dienen wy de ôfwask en sieten beide beppes mei in slokje nei te praten op in bankje. Nei in skoftke kaam Tine slap fan it laitsjen wer yn 'e koken. Beide beppes wienen drok tagelyk oan it praten. Elk hie it oer wat oars en se hearden totaal net nei inoar.

As kommunikaasje yn it gewoane deistige libben al sa dreech is, is it maklik te begripen, dat alles wat mei religy en leauwen te meitsjen hat, ta noch folle mear misbegripen liede kin.

Ûnsjenlike en ûntaastbere saken fêstlizze yn ferhalen en boeken en dy tûzenen jierren letter oersetten nei oare talen en kultueren is ferskuorrend dreech.

Yn myn oertinking fan hjoed wol ik it dêrom hawwe oer in misbegryp, dat yn de útlis fan de bibel slûpt is en dy't ús hâlding foar God oer negatyf beynfloede hat.

### Oertinking

It begripen fan oare minsken is faak net maklik. Sa is it somtiden ek mei de bibel.

De oarspronklike betsjutting fan de ferhalen is bytiden kompleet ûndersnijd. Se binne earst mûnling oerbrocht, letter opskreaun yn in taal dy't gjin gebrûk makket fan klinkers; in taal dy't – lykas alle âlde talen – mar in beheinde wurdeskat hat fan in goed 6.700 wurden, sadat de measte wurden faak mear betsjuttings hawwe kinne; se binne bewurke troch lettere

generaasjes, oerskreaun troch skriuwers, dy't har wolris fersinden, sadat it Nije Testamint mear as 250.000 ferskillen yn de tekst hat; oerset yn oare talen lykas Gryksk en Latyn en dêrút wei yn noch wer oare talen. Yn it gefal fan de Evangeeljes binne de oarspronklike Hebrieuske of Arameeske boeken ferlern gien, sadat wy ús rêde moatte mei Grykske oersettings dêr't faak noch al wat oan mekeart.

In oare faktor dy't benammen yn it Nije Testamint spilet, is dat de oersetters en oerskriuwers wolris mear dienen as allinne dat. Wie in gelikenis of in tekst net al te dúdlik, dan joegen se dêr in stikje taljochting by. Bibelgelearden binne dan ek faak fan betinken, dat sokke útspraken net fan Jezus ôfkomstich binne. Dêrneist waarden teksten ek wolris oanpast oan de easken fan de tiid of feroarjende tinkbylden.

In soad minsken ha bygelyks it idee, dat Jezus yn alle rêst yn Israël omreizge om syn bliid boadskip fan frede te bringen. Se ferjitte dan, dat de Romeinske besetters en ûnderdrukkers fan Israël ferskuorrend wreed te wurk gongen. Yn de tiid fan de earste grutte Joadske opstân (fan 66 – 70 nei Kristus) wurdt skat dat it tal slachtoffers minstens 600.000 wie. Der waarden nei ôfrin fan de opstân safolle Joaden as slaven ferkocht dat de priis fan slaven kompleet ynstoarte. Nei de twadde Joadske opstân ûnder Bar Kochba (tusken 132 en 135 nei Kristus) wienen der amper mear Joaden oer yn Israël.

Mar de earste Kristenen hienen absolút gjin ferlet fan spul mei de Romeinen, sadat dy har rol yn it NT earder posityf as negatyf útfalt. Sjoch bygelyks yn Mattéus 8 dêr't Jezus fan de Romeinske offisier seit: "By gjinien yn Israël bin ik sa'n fertrouwen tsjinkommen". Of de rol fan Pontius Pilatus by de krusiging. Deselde Pilatus dêr't fan skat wurdt, dat er yn de tsien jier fan syn prefekt wêzen goed 6.000 Joaden krusigje litten hat. En dy't troch de keizer weromroppen waard, om't dy klachten krige oer de wredens fan dyselde Pilatus.

It is dúdlik dat de histoaryske kennis fan de measte kristenen, ik sels ynbegrepen, oer it Joadedom en it Kristendom tige lyts is. En dat is in punt, dat jin by it begripen en ferklearjen fan de bibel hieltyd wer parten spilet. Ús kennis fan it deistige libben yn it âlde Israël is faak mar tige beheind. Sels yn de bibel is dat al te fernimmen, as der sein wurdt: dat wie eartiids gebrûk yn Israël.

As ik jonge minsken somtiden wat fertel oer myn jeugd, dan sjogge se my bytiden hiel raar oan. Sa fan: dat kin net, dat liicht er. Gjinn kompjûters, gjin mobyltsjes, gjin auto's, gjin tillefyzje . . . En as guon fan de generaasje foar my har ferhalen fertelle soenen fan oer de haaiïnge fan eartiids: wikenlang seinemeane. Of hoe kâld it eartiids winterdei op in skûtsje wie: je frearen fêst oan de izeren platen. Of dat je winterdei allinne mar mei de boat yn Earnewâld komme koenen. "Eh, gean wei, ju!" soenen de bern sizze. En se laitsje ús út as wy net mei de ôfstânsbetsjinning omgean kinne.

Jim begripe dat it ferstean fan de bibel – ferhalen fan twa- oant trijetûzen jier lyn – net maklik is. It liket op it oerbrêgjen fan in mega-generaasjekleau. Sa is der ek in grutte kleau ûntstien tusken Joaden en kristenen. In kleau dy't grutte gefolgen hân hat.

Wy ha fan 'e moarn in stik út Eksodus 20 lêzen. De tsien geboaden.

It giet my fan 'e moarn benammen om it lêste part fan fers 5: "oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't My haatsje, mar dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht fan dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde". Noch altyd wurdt dizze útspraak brûkt om te bewizen, dat God in God fan ferskriklike wraak wêze kin.

Yn it foarste plak moat sein wurde, dat de betsjutting fan dit stikje benammen leit yn de tsjinstelling. It is in soarte fan byldspraak om ekstra klam op wat te lizzen.

Ik lês opnij: "oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't My haatsje, mar dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht fan dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde". God is dus minstens 250 kear sa genedich as dat er wraaknimmerich is.

Boppedat giet it hjir net om hús-tún-en-koken-sûnders, mar om minsken dy't God haatsje.

Om minsken dy't yn en yn ferkeard binne en dêr't gjin salve mear oan te striken is. Dizze útspraak wol ús benammen útlizze hoe goed en barmhertich God is.

Foar in oar part is it misbegryp ûntstien troch in ferkearde oersetting fan it Joadske tiidwurd "pakad". En jim begripe wol, dat ik my no hielendal ferlitte moat op de kennis fan Joadske taalkundigen.

Yn de Fryske oersetting wurdt bygelyks it wurd "ferheljen" brûkt en my stiet noch wol foar de geast dat ik preken heard haw mei in wiidweidige útlis oer de Nederlânske oersetting "die de ongerechtigheid der vaderen bezoek aan de kinderen . . ."

By taalwittenskippers is al lang bekend, dat dit stikje striemin oerset. Sels yn modernere oersettings wurdt faak noch it wurd "bestrafen" brûkt. Yn de nije Nederlânske NBV stiet it wurd "boeten". Blykber kin men gjin ôfstân nimme fan de straffende God, want it is al langer bekend dat it tiidwurd yn it foarste plak betsjut: tige krekt besjen, neigean, ûndersykje.

Dat it tiidwurd pakad ek oare betsjuttings hawwe kin, docht bygelyks bliken út Genesis 21, fers 1: De Heare tocht oan Sara.

Of út Jeremia 29, fers 10, dêr't it oerset wurdt mei "omsjen nei".

In goeie, tige frije, oersetting soe dus wêze kinne:

"want Ik, de Heare dyn God, ûndersykje de skuld fan de heiten by bern en bernsbarn om te sjen of de sûnden fan yn en yn ferkearden trochwurkje yn har neiteam"

En pas dan, as dat dúdlik is, grypt God straffend yn. Iksels tink der wol ris by, dat dy bern al slim straft binne mei sokke âlders.

Om der ekstra klam op te lizzen dat de Joadske God net in God is fan kollektive ferjilding, sitearje ik noch in artikel út de wet: Yn Deuteronomium 24 stiet yn fers 16:

"De heit mei net deade wurde om syn bern en de bern meie net deade wurde om de heit.

Elk moat om syn eigen sûnde deade wurde."

Sa't jim sjogge, hawwe ferkearde oersettings, misbegripen oer de tiid en de kultuer ús mei in Godsbyld opskipe, dat net rjocht docht oan it Joadske Godsbyld.

It sil jim – op grûn fan dit wetsartikel, mar ek troch it absolute ferbod fan minske-offers - dúdlik wêze wêrom oft Joaden de tsjerlike fersoeningslear net sa heech hawwe.

Joaden leauwe noch altyd yn in goede God en as men sjocht nei de Joadske skiednis mei dat wol in Godswûnder hjitte.

Doe't ik destiids mei Tine oan de kursus Teologyske Foarming begûn, hie ik der noch gjin oan fan, wat dêr de gefolgen fan wêze soenen. In minske wit ornaris wol it begjin fan de dingen, mar hy ken de gefolgen net en wit net wêr't er úteinlik telâne komt.

Sa stadichoan haw ik kasten fol boeken oer teologyske ûnderwerpen – foar dy tiid allinne in bibel – en wêr't alle studearjen en prakkesaasjes op útkomme sille, leit noch yn de takomst ferburgen.

Likegoed hat dat studearjen der wol ta laat dat men folle mear ynsjoch krigen hat yn de ynhâld fan de bibel en yn oare religieuze streamingen. It is ek dúdliker wurden, dat de bibel en it Joadske en kristlike leauwen net op harsels steane. Der binne grutte ynfloeden te ûnderkennen fan bygelyks de Grykske filosofy en fan it Perzyske zoroastrisme. De Grykske filosofen ha bygelyks ynfloed hân op de tsjerklike opfettings oer it lichem en de siel en de Perzyske godstsjinst hat mei foarm jûn oan de ideeën oer it libben nei de dea, it paradys en de hel, de striid tusken it goed en kwea yn de wrâld en benammen oan it fisioen dat der oan it ein fan de tiden in grutte einstriid tusken goed en kwea plakfine sil.

Der binne gâns studinten, dy't troch har universitêre stúdzje teology har leauwen ferlieze, wylst oaren flechtsje yn in soarte fan radikale otterdoksy.

Ik moat sizze, dat ik my soks wol yntinke kin, mar dat foar my de twivel net God sels oantaast hat, mar allinne fraachtekens set hat by hiele rigen ideeën fan minsken oer God. Yn guon gefallen haw ik foar mysels fikse skrassen set (sette moatten) troch guon tradisjonele kristlike dogma's.

Wat is dan wol oerein bleaun?, haw ik mysels ôffrege.

En om daalk mar mei de doar yn hûs te fallen: op dy fraach kin ik gjin teologysk ûnderboud antwurd jaan. Ta myn eigen ferbjustering – en jimmes wierskynlik ek – bliuw ik hingjen yn in pear wurden: emoasje, gefoel, waarmte, leafde.

Dy gefoelens wurde faak oproppen troch de bêste – net alle – ferhalen út de bibel. En troch Joadske skriuwers dy't hieltyd wer in byld oproppe kinne fan in God dy't dwers troch alles hinne betruksen is by minsken. Mar ek wol troch tinkers út oare religieuze of filosofyske streamingen.

Nei in oertinking, dy't frijwol hielendal gien is oer de teoretyske kant fan it leauwen – wat leauwe wy? wêrom leauwe wy? hoe komt it dat wy guon dingen misfersteane? – wol ik beslute mei te sizzen, dat wât wy presys leauwe foar mysels net it alderwichtichste is fan religy. Mei de brânsteapels fan it ferline yn de efterholle wit men dat minsken dy't altyd en oeral gelyk hawwe, tige gefaarlik wurde kinne.

Ik bedoel te sizzen, dat it wichtich is om nei te tinken oer godstsjinst, it libben, de dea, de sin fan it libben, mar dat it úteinlik allinne mar in helpmiddel is.

Want jo kinne noch sa religieus of spiritueel wêze, mar by moaie tinzen kin it net bliuwe.

Ik haw jierrenlang yn de polityk sitten en dy lju witte – yn teory alteast – presys hoe 't it moat.

Yn de praktyk falt dat faak ôf. Se longerje op macht, jild, eare en baantsjes. Ik ha faak tocht, dat politisy better earst in pear jier oan har eigen ferbettering wurkje kinne, foardat se oan de wrâld begjinne.

De Ingelsken sizze: “the proof of the pudding is in the eating”.

Frij oerset: it bewiis fan de pudding is pas levere as er smakket.

It bewiis fan de religieuze minske leit foar my yn syn hanneljen en yn syn dieden.

Dêr giet it om. Om it mei Micha te sizzen: “Der is dy klear te witten dien, minske, wat goed is en wat de Heare fan dy wol: rjocht dwaan, de trou heech hâlde en mei ferstân dyn wei gean mei dyn God!”

Oan de ein fan dizze oertinking kom ik sa út by de dreechste opjefte, dêr't men as minsken foar set wurdt en dêr't wy de rest fan ús libben wol mei besteld binne.

Ik wol der hjir en no mar ien ding fan sizze en dat is, dat it ûnmooglik is om fan de flier op de souder te stappen. Dat wol sizze, dat rjocht dwaan en goed libjen in saak fan lytse stapkes is.

Hurdriners sille hjir oan teloarstelling yn harsels te'n ûnder gean.

As ik sels ris wat posityfs dien ha, sis ik wol ris gekoanstekkerich tsjin Tine: “Dat wie myn goeie died foar dizze dei en no hâld ik der hjoed mar wer mei op”.

Lytse stapkes en by jinsels begjinne, liket my in goeie oanpak.

Yn it Kristendom wurdt sein, dat wy allinne behâlden wurde kinne as wy leauwe yn de teory fan de fersoening.

Iksels leau mear yn wat Joadske skriftgelearden betocht hawwe. Se seinen: stel, dat der in minske is, in net-Joad, dy't net yn God leaut, mar dy't wol de wil fan God docht. Hy is om it koart gear te fetsjen in tzaddik, in rjochtfeardige. Se komme ta de konklúzje dat sa'n minske behâlden wurde sil.

Mei oare wurden: it giet net om de lear, mar om ús hanneljen en ús dieden.

As wy dat dogge, dan sil God geunst bewize oan it tûzenste geslacht fan dy't Him leafhawwe en syn geboaden ûnderhâlde.

Amen